

Nijbetocht

Preek foar peaskesnein 2021
ds. Hinne Wagenaar, Jorwert.

Bêste minsken, in wike ferlyn, it wie 25 maart, wie ik oan de gong mei de tarieding fan dizze Peaske-tsjinst en stie yn 'e tún. In preek meitsje ik altyd bûten yn de tún of rinnendewei. En ik stean yn de kjeld oer it lân te dikerjen, fljocht der ynienen in sweltsje oer it lân fan buorman, boer Tjalling. Ik koe my de eagen hast net leauwe. Sa betiid? It is noch mar krekt maaitiid. Ik flean de hûs yn en rop: 'Siets, de swellen binne werom!' Ja, Sietske is dat sa stadichoan wol wend. Dat doch ik ek wannear't ik de earste ljip oer de wjuk gean hear. Of de rôp fan de earste skries hear. O, wat in freugde!

No ken ik it sprekewurd fansels ek wol: 'Ien swel makket noch gjin simmer.' Jawis, de measte swellen komme letter. Mar ien moat de earste wêze. Ien moat de toan sette, rjochting jaan, de simmer oankundigje.

2.

Fan 'e moarn stiene wy hjir iere betiid bûten op it hôf fan tsjerke, it wie noch tsjuster. Dat is miskien wat healwiis, mar yn de Bibelske opstanningsferhalen giet it altyd oer de betide moarn. De lêzing fan hjoed (út Johannes 20) begjint sa: 'De earste deis fan de wike gong Maria fan Magdala moarnsier, doe't it noch tsjuster wie, nei it grêf ta.'

Der stiet net by wat sy dwaan woe by it grêf. It wurdt wol dúdlik dat Maria skriemt. Sy is stikken en kapot fan it feit dat Jezus ombrocht is. Se is ferslein troch de realiteit fan it kwea, fan it ferskuorrende geweld. En no ha se Jezus syn lichem ek noch weihelle, tink se. Der is dan gjin plak om te rouwen, gjin plak fan betinken en protest. En ja, fansels, Maria skriemt. Trije kear wurdt dat yn dit haadstik neamd. En twa kear wurdt frege: 'Frou, wêrom skrieme jo?' Earst troch de twa ingels yn it lege grêf en dan troch Jezus. Mar se sjocht it net, se tinkt dat it de túnman is. En sysels werhellet trije kear itselde: 'Se hawwe de Heare út it grêf weihelle en wy witte net wêr't se Him dellein hawwe.' Help! Sa giet dat wannear't wy fertriet hawwe en traumatyske erfaringen meimeitsje; wy kinne der net oer út, wy werhelje hieltyd mar wer deselde wurden.

Fanwege har triennen kin Maria net goed sjen. Ja, se sjocht it lege grêf wol, se sjocht de doeken wol, de sjocht de ingels wol, se sjocht de túnman wol, mar se sjocht de betsjutting net. Kijken doe je met je ogen, zien met je ziel. Se begrypt net dat der wat feroare is. Se ferstiet de realiteit allinne fan har eigen fertriet út. Har blik is as it ware fertroebele troch de triennen. Logysk fansels, it kwea en it geweld yn dizze wrâld meitsje ús ek sa bang, meitsje it sa dat wy ek hast net mear oars sjen kinne. Mar Maria moat leare om oars te sjen. Sy moat leare om te tinken, nij te betinken, te feroarjen! Wy moatte dat leare. Mar hoe kinne wy nijbetocht wurde?

3.

Hjir yn de Jorwerter tsjerke hinget op grutte banieren it gedicht fan Eppie Dam 'Huis om stil te zijn' - 'Hûs om stil te wurden'. Karin hat it krekt lêzen yn it Hollânsk. Yn dit gedicht sit beweging. De 'ik' fan it gedicht siket in taflecht út in wrâld fan baltend en balstjoerich lûd. Ut de drokte fan de wrâld wei, de wrâld ek fan triennen en fertriet, komt de 'ik' yn in timpel

bout út ademtocht. Op in plak om by de kleare wel stil te wurden. Op in plak dêr't de taal net hurd en wreed is, dêr't it feilich genôch is om it masker ôf te dwaan, dêr't wy ús wiere gesicht sjen litte kinne, dêr't wy ús hannen iepen lizze doarre om te bidden.

Want, bêste minsken, dy 'ik' figuer dy is as Maria. En wy binne is sels! Wy krije allegear genôch foar de kiezen. Oan korona-krisis, oan fertriet en ferlies, oan konflikten en oan spanningen. En dy geane echt net samar wer fuort. Wy hawwe dêrom sokke plakken nedich fan weromlûken, fan stilte, fan besinning. Wy hawwe in skûlplak nedich om fierder te sjen as gewoanwei, om troch ús triennen hinne te sjen. Plakken dêr't wy yn ús wêzen oansprutsen wurde, wa't wy werklik binne. Om in nije blik te ûntfangen, om nijbetocht te wurden. Om nije mooglikheden te betinken.

4.

De grêf tún wie dat plak fan weromlûken foar Maria fan Magdala. Sy socht de ôfsûndering, sy socht de stilte, sy stie stil by har fertriet en rûn der net foar wei. Har masker mocht trochmidden en se liet har oansprekke. Se seach troch har triennen miskien de betsjutting net, mar se hearde de stim wol. Dy stim dy't har namme rôp: 'Maria'. En dan stiet der yn de Bibel, letterlik: 'Sij draaide har om'. Dêr is alles mei sein! Dit is har momint fan omkear, fan bekearing. Hjir wurdt sy nij betocht.

Jezus ropt Maria geastlik wekker sadat se sjocht dat hy opstien is. Dat hy de earste is, dat de omkear begûn is. Dat it kwea en it ferskuorrende geweld net it lêste wurd hawwe. It is as oft Jezus ropt: 'Ik bin de earste, ik set de toan en jou rjochting oan nije mooglikheden. Ik betink dy nij. Lit dyn blik net fertroebelje troch it kwea, libje út it ljocht wei, libje út de leafde.' Mei de wurden dy't aanst songen wurde:

't Goede is sterker as 't kweade,
leafde sterker as haat.
Ljocht is sterker as tsjuster,
libben sterker as dea.
Hy hat oerwûn, Hy hat oerwûn,
Syn leafde draacht ús.

Maria draait har dan om kriget in nije rol tabedield. Ut it weromlutsene fan de stilte wei moat se har omkeare en wer nei de wrâld werom. Sy moat it boadskip fertelle, sy wurdt de earste apostel. Jezus brekt as earste troch de krêften fan dea en kwea hinne. Maria wurdt de earst boadskipper. It begjint mei ien swel, dêrnei folgje de oaren.

Wy meie folgje! Dêrom rop ik no net allinne: 'Siets, Jezus is wier opstien. It is Peaske.' Mar ik rop it oan jimme allegear. Harry, Rennie, Karin, Albertsje: in nij begjin! Hester, Wyneke, Lieme, Alex: 'Sjoch troch jim triennen hinne.' Adrie, Petra, Teake, Andries: 't Goede is sterker as 't kweade.' Ik rop it oan Wiebe en Hindrik efter de piano en it oargel.

En ik rop it oan jimme thús allegear, wat jim namme ek is, hoe't jim ek hjitte! Jezus is opstien, hy is de easte swel dy't de simmer oankundiget. Draai jim om en folgje him, krekt as Maria. Sjoch troch jim triennen hinne dat der in nije wrâld daget: nij libben, nije mooglikheden. Dêrom: wês nijbetocht! Amen.

Herdacht-Herboren

Preek voor paaszondag 2021
ds. Hinne Wagenaar, Jorwert.

Beste mensen, het was 25 maart, meer dan een week gelden. Ik was bezig met de voorbereiding van deze paasviering en stond in de tuin. Een preek maak ik altijd buiten, al wandelend. Ik stond in de maartse kou over het weiland uit te staren en plotseling vliegt er een zwaluw boven het weiland van buurman, boer Tjalling. Ik kon mijn ogen bijna niet geloven. Nu al? Het voorjaar is nog maar net begonnen. Ik draaf naar binnen en roep aan mijn vrouw: 'Siets, de swellen binne werom!' Ja, Sietske begrijp dat zo langzamerhand wel. Dat doe ik ook wanneer ik de eerste kievieten hoor wanneer ze over 'de wjuk' gaan. En bij het eerste geluid van de grutto. O, wat een vreugde.

Nu ken ik het spreek woord 'Eén zwaluw maakt nog geen zomer' natuurlijk ook wel. Zeker, de meeste zwaluwen komen later. Maar één moet de eerste zijn, moet de toon zetten, de richting aangeven, de zomer aankondigen.

2.

Vanmorgen stonden wij hier voor dag en dauw op het kerkhof, het was nog donker. Dat is misschien wat vreemd, maar in de opstandingsverhalen in de Bijbel gaat het steeds over de vroege ochtend. De lezing van vandaag (uit Johannes 20) begint zo: 'Vroeg op de eerste dag van de week, toen het nog donker was, kwam Maria uit Magdala bij het graf.'

Er staat niet bij wat ze wilde gaan doen bij het graf. Wel wordt duidelijk dat ze huilt. Ze is helemaal kapot van het feit dat Jezus is omgebracht. Ze is verslagen door de realiteit van het kwaad, van het vernietigende geweld. En nu hebben ze Jezus' lichaam ook nog weggehaald, denk ze. Er is geen plek meer om te rouwen, geen plek van gedenken en protest. En ja, natuurlijk huilt Maria. Drie keer wordt het genoemd in dit hoofdstuk. En twee keer wordt gevraagd: 'Vrouw, waarom huil je?' Eerst door de twee engelen in het lege graf en daarna door Jezus. Maar ze ziet het niet, ze denkt dat het de tuinman is. En ze herhaalt drie keer dezelfde woorden: 'Ze hebben de Heer uit het graf weggehaald en we weten niet waar ze hem nu neergelegd hebben.' Help! Zo gaat dat wanneer wij verdriet hebben en traumatische ervaringen meemaken; we kunnen het maar niet geloven en herhalen steeds dezelfde woorden.

Maar vanwege haar tranen kan Maria niet helder kijken. Ja, ze ziet het het lege graf wel, ze ziet de doeken wel, ze ziet de engelen wel, ze ziet de tuinman wel, maar ze ziet de betekenis er niet van in. Kijken doe je met je ogen, zien met je ziel. Ze begrijpt niet dat er wat veranderd is. Ze verstaat de realiteit alleen vanuit haar verdriet. Haar blik is als het ware vertroebeld door de tranen. Logisch, het kwaad en het geweld van deze wereld maken ons bang, maken dat wij bijna niets anders meer kunnen zien. Maar Maria moet leren om anders te kijken. Ze moet leren om-te-denken, 'herdacht' te worden. Wij moeten dat leren. Maar hoe gaat dat, hoe leren wij om-te-denken, 'herdacht' te worden?

3.

Hier in de kerk van Jorwert hangt op twee grote banieren het gedicht van Eppie Dam 'Huis om stil te zijn' – 'Hûs om stil te wurden'. Karin heeft dat zojuist voor ons gelezen. In it

gedicht zit beweging. De 'ik' van het gedicht zoekt een toevlucht uit een ronkende en rumoerige wereld. Uit de drukte van de wereld vandaan, de wereld van tranen en verdriet, komt de 'ik' in een tempel gebouwd uit ademtocht. Genaderd tot een bron van rust, waar de taal niet hard en angstaanjagend is, waar het veilig genoeg is om het veilig masker af te leggen, waar we ons ware gezicht durven te tonen en onze handen open durven te vouwen om te bidden.

Beste mensen, deze 'ik-figuur' is als Maria. En wij zijn het zelf! Wij krijgen allemaal genoeg voor de kiezen. Aan corona-crisis, aan verdriet en verlies, aan conflicten, aan spanningen. En die verdwijnen echt niet zomaar. Daarom hebben wij plekken nodig om ons terug te kunnen trekken, plekken van stilte en van bezinning. Wij hebben een schuilplaats nodig om de tijd te ontvangen om verder te kijken dan gewoonlijk, om door onze tranen heen te kunnen kijken. Plekken waar wij ons ware gezicht mogen tonen. Om in nieuwe blik te ontvangen, om 'herdacht', opnieuw bedacht te worden. Om nieuwe mogelijkheden te ontdekken.

4.

De graftuin, dat was de plek van terugtrekken voor Maria uit Magdala. Zij zocht de afzondering, de stilte. Zij stond daar stil bij haar verdriet en liep er niet voor weg. Haar masker mocht doormidden en ze liet zich aanspreken. Vanwege haar tranen zag ze misschien de zin en betekenis niet, maar ze hoorde de stem wél. De stem die haar naam riep: 'Maria'. En dan staat er in de Bijbel, letterlijk: 'Zij draaide zich om.' Daarmee is alles gezegd. Dit is haar moment van omkeer, van bekering. Hier wordt ze opnieuw bedacht, herdacht, herboren.

Jezus roept Maria geestelijke wakker zodat ze ziet dat hij is opgestaan. Dat hij de eerste is, dat de omkeer is begonnen. Dat het kwaad en het vernietigende geweld niet het laatste woord hebben. Het is als of Jezus roept: 'Ik ben de eerste, ik zet de toon en geef richting aan nieuwe mogelijkheden. Ik bedenk jou nieuw. Laat je blik niet vertroebelen door het kwaad, maar leef vanuit het licht, leef vanuit de liefde. Met de woorden van het lied dat straks gezongen zal worden:

't Goede is sterker as 't kweade,
leafde sterker as haat.
Ljocht is sterker as tsjuster,
libben sterker as dea.
Hy hat oerwûn, Hy hat oerwûn,
Syn leafde draacht ús.

Goodness is stronger than evil;
love is stronger than hate;
light is stronger than darkness;
life is stronger than death.
Victory is ours, victory is ours
through him who loved us.

Maria draait zich om en krijgt een nieuwe rol toebedeeld. Uit de terug-getrokkenheid van de stilte keert ze zich om naar de wereld toe. Nu moet zij de boodschap vertellen aan de anderen, zij wordt de eerste apostel. Jezus breekt als eerste door de krachten van dood en kwaad heen. Maria wordt de eerste boodschapper. Het begint met één zwaluw, daarna volgen de anderen. Wij mogen volgen! Daarom roep ik nu niet alleen: 'Siets, Jezus is waarlijk opgestaan. Het is Pasen.' Maar ik roep het aan jullie allemaal. Harry, Rennie, Karin, Albertsje: een nieuw begin. Hester, Wyneke, Lieme, Alex: 'Kijk door je tranen heen.' Adrie, Petra, Teake, Andries: 't Goede is sterker as 't kweade.' Ik roep het aan Wiebe en Hindrik achter piano en orgel.

En ik roep het aan jullie allemaal, thuis. Wat je naam ook is, hoe je ook heet. Jezus is opgestaan, hij is de eerste zwaluw die de zomer aankondigt. Keer je om en volg hem, net zoals Maria. Zie door je tranen heen een nieuwe wereld dagen: nieuw leven, nieuwe mogelijkheden. Daarom: wees herdacht, word herboren! Amen.